


Ûnderwerp	:	Farwei Drachten
Beliedsprogramma	:	Gebietsûntwikkeling Hegewarren Farwegen
Registraasjenûmer	:	
Behanneljend amtner	:	
Oanlieding	:	Op 27 novimber 2019 hawwe jimme Steaten DS de opdracht jûn mei in ûndersyk útein te setten nei de helberheid fan de gebietsûntwikkeling Hegewarren yn 'e mande mei it Wetterskip Fryslân en de gemeente Smellingerlân. Yn de draachwiidte fan dit ûndersyk is ek de helberens fan in klasse Va farwei nei Drachten en de mooglike synergy mei de gebietsûntwikkeling meinommen. De útkomsten fan dat ûndersyk lizze no foar.
Europeeske kontekst	:	Der binne Europeeske transportsubsydzjes Ten-T beskikber foar de binnenfeart. Der is ferkend oft de Farwei Drachten oanspraak meitsje kinne soe op sa'n Ten-T subsydzje. Dat liket net it gefal omdat Drachten gjin diel útmakket fan in korridor (ferbining tusken it punt dêr't it guod binnen komt en it punt dêr't de brûkers/ûntfangers sitte. It hiele Europeeske subsydzjesysteem is basearre op twa systematiken: ien haven ferbûn mei in efterlân of meardere seehavens yn ferbining mei-inoar.
Koarte gearfetting	:	<p>Yn it gebietsûntwikkelingsproses fan de Hegewarren is ûndersocht oft der synergy is mei it opwurdearjen fan de farwei Drachten nei in klasse Va-trasee.</p> <p>Binnen de ramten dy't dêr yn 't foar oer meijûn binne, is konkludearre dat de maatskiplike foardielen fan in farwei troch de Hegewarren, mei de kennis fan no, net opweage tsjin de maatskiplike kosten en neidielen. Der is wol finansjele synergy mei it foarkarsalternatyf lepen en Natuerlik, mar de grutte kwaliteit dy't ûntstiet, lykas de rekreaasje- en natuerwearden, giet foar it grutste part ferlern as der in farwei ynpast wurdt. Mei de kennis fan no is it boppedat net hurd te meitsjen dat in opwurdearring nei in klasse Va farwei foldwaande opleveret.</p> <p>Wy stelle dêrom út de Farwei Drachten foarearst net op te wurdearjen nei klasse Va fia in nij trasee. Mochten der yn 'e takomst dochs ûntwikkelingen wêze dy't in klasse Va farwei needsaaklik meitsje, dan sil dat mei it each op de konstatearre negative gefolgen net mear troch de Hegewarren kinne. Dat hat as konsekwinse dat de finansjele synergy dy't no konstatearre is, der dan net mear wêze sil.</p> <p>De farwei foarmet dêrmei gjin ûnderdiel fan de planfaze fan de gebietsûntwikkeling Hegewarren.</p>

Beslútpunten	:	PS beslute: <ul style="list-style-type: none"> - Gjin farwei troch de Hegewarren te realisearjen en de besteande situaasje sa bliuwe te litten; - dat in nije farwei nei Drachten gjin diel útmakket fan de oansteande planfaze fan de gebietsûntwikkeling Hegewarren.
Taheakke	:	<ol style="list-style-type: none"> 1. Memo Undersyk Farwei Drachten 2. Einrapport Ko-kreaasje Hegewarren Spesifyk: haadstik 6: Perspektyf op de ynpassing fan in farwei 3. Taheakkerapport Ko-kreaasje Hegewarren Spesifyk: <ul style="list-style-type: none"> - Memo Ynpassingsstúdzje (side 17) - Memo Sûging (side 13) - Memo Foarhifking Trochsnije Natura2000 gebiet (side 23) - Memo Finansjele helberens (side 138, paragrafen 2.1.3, 3.1.4, 3.8) - Memo feiligens op it wetter (side 230) 4. Notysje maatfiering binnenfeartfloat 5. Notysje Aktualisaasje Brede Romtlik-ekonomyske Analyze Panteia

Taljochting	:	

Kontekst

<p><u>Foartrajekt farwegen</u></p> <p>De gemeente Smellingerlân en it bedriuwekluster yn 'e haven fan Drachten dogge in berop op de provinsje om de farwei Drachten op te wurdearjen nei in CEMT (De klasseyndieling fêststeld troch de Conférence Européenne des Ministres de Transport) klasse Va farwei (geskikt foar gruttere skippen, mei in lingte tusken 86 en 110 meter).</p> <p>Der binne meardere redenen om te sjen nei in oare rûte foar de farwei. De besteande rûte is suboptimaal, want dy rint troch it natuer- en rekreaasjegebiet De Alde Feanen. Der binne soargen oer de feiligens op it wetter en it effekt fan de beropsfarwei op 'e natuer.</p> <p>Nei't yn de ôfrûne jierren ferskate oare oplossings ûndersocht en ôffallen binne (oare trasees, it ferpleatsen fan bedriuwen, in fly-by terminal oan it PM-kanaal, ynnovative foarmen fan ferfier), leit sûnt 2020 de fraach foar oft in opwurdearring fia de Hegewarren in goede oplossing is.</p> <p>By de beslútfoarming yn jimme Steaten op 27 novimber 2019 is yn de startnotysje oer de farwei opnommen: "Dit is allinne mooglik as yn it planproses feitlik oantoand wurdt dat it helber is om de farwei goed yn de omkriten yn te passen (Grou, de Burd, Hegewarren, de Feanhoop), mei each foar de beswieren oer feiligens, berikberens en ynfloed op natuer en lânskip."</p> <p>Mei it each op de lange histoarje fan dit ûnderwerp, is it wichtich om mei it no foarlizzende ôfslutende ûndersyk dúdlikens te jaan oan de omkriten, de oanbelangjende gemeenten (Smellingerlân, Tytsjerksteradiel, Ljouwert) en it bedriuweterrein De Haven.</p> <p><u>Bestjoersakkoart 2019-2023 (Lok op 1)</u></p> <p>Yn it Bestjoersakkoart is fêststeld dat de Farwei Drachten ûnderdiel útmakket fan it gebietsproses Hegewarren: "In ferbettering fan de farwei Drachten kin earst oan 'e oarder komme as yn dat gebietsproses bliken doch dat der in dúdlike <u>synergy</u> mei oare kânsen foar it gebiet is."</p> <p><u>Understeande moasje is meinommen yn de opdracht:</u></p> <p>Moasje 2.176</p> <p>"In de scope wordt de mogelijkheid van het ontvlechten van beroepsvaart en recreatieverkeer op de vaarroute naar Drachten meegenomen. Daarbij wordt het bevaarbaar maken van de route over de Ald Headamsleat, met een korte doorsteek door de Hegewarren, bekeken."</p> <p>Mei it each op it kreëarjen fan mearwearde foar de rekreative boatsjefarder, binne yn de foarkarsfariant foar de Hegewarren (Iepen en Natuerlik) twa trochstekken foar rekreatyf ferkear realisearre. Dêrmei is it súdlike part fan de Headamsleat (fan Earnewâld oant de Headamsbrêge) útinoar helle; rekreatyf ferkear hat de mooglikheid om it mei-inoar opfarren op dat part fan de beropsfarwei te mijen. De Ald Headamsleat op 'en nij te iepenjen wie in minder logyske opsje yn kombinaasje mei it wetterrike ûntwerp Iepen en Natuerlik, dêr't nije noard-súd rûten kreëarre binne fan de Grutte Krite ôf troch de Hegewarren nei it Grytsmansrak. Boppedat wie men yn it proses bang dat mei in trochstek fia de Ald Headamsleat wichtige natuerwearden oantaaste wurde soene.</p> <p><u>Hegewarren</u></p>
--

Op 27 novimber 2019 krigen wy de opdracht fan jimme Steaten om yn 'e mande mei it Wetterskip Fryslân en de gemeente Smellingerlân te ûndersykjen wat de bêste ynrjochting foar de takomst fan de Hegewarren is. Wy diene dat yn gearwurking mei de omkriten yn in ko-kreaasjeproses. Neffens dat beslút ûndersochten wy ek oft der synergy is tusken de gebietsûntwikkeling en it realisearjen fan in bettere rûte foar de beropsfarwei fan en nei Drachten as de besteande rûte troch de Alde Feanen.

Yn april II. wie de gebietsûntwikkeling oan 'e oarder yn jimme Steaten. Wy leine de resultaten fan it ko-kreaasjeproses foar en stelden oan jimme út de planfaze foar it foarkarsalternatyf 'Iepen en Natuerlik' útein te setten. Yn ôfwachtsjen fan dúdlikens oer de farwei Drachten hawwe jimme dy resultaten foar kundskip oannommen. De ynrjochting leit op 'en nij foar yn de PS-gearkomste fan septimber 2022, nei de beslútfoarming oer de farwei.

Probleemstelling	: Yn 2019 hawwe wy fan jimme de fraach krige om te sjen oft in klasse Va farwei troch de Hegewarren mooglik en winsklik is en oft dat in passende oplossing is foar de berikberens fan de haven fan Drachten.
Probleemanalyze	: It kolleezje basearret dit útstel op in ôfwaging tusken de foardielen fan in farwei foar de haven yn Drachten en De Alde Feanen en de kosten en konsekwinsjes (neidielen) fan in farwei troch de Hegewarren en de bredere omkriten. Om dy analyse meitsje te kinnen, is hifke oan de doelstellings út de Farweifisy, it Bestjoersakkoart en de ramten dy't by de beslútfoarming op 29 novimber 2019 meijûn binne. Sa moast der synergy wêze mei de kânsen foar it gebiet en yn 'e mjitte kommen wurde oan de beswieren op it mêd fan feiligens, natuer en lânskip. It hat bliken dien dat in farwei troch de Hegewarren net oan dy ramten foldocht.
Doelstelling / beëage effekten:	: It beëage effekt wie om te ûndersykjen oft der in duorsum ekonomysk perspektyf fan de haven yn Drachten troch it opwurdearjen fan de farwei nei klasse Va troch de Hegewarren mooglik wie, op in feilige en adekwate wize yn balâns mei de natuer, rekreaasje en oare belangen yn it gebiet.
Risiko's	: By it foarstelde beslút hearre de neikommende risiko's: <ul style="list-style-type: none"> - In oplossing wêrby't de kosten yn balâns binne mei de baten is yn de takomst dreger. De kosten fan takomstige trasees binne nei ferwachting heger as it trasee fia de Hegewarren. - De besteande (suboptimale) situaasje yn de Alde Feanen bliuwt en freget neier ûndersyk nei maatregels om de feiligens te ferbetterjen. - In mooglike yntinsivearring fan de beropsfeart kin effekt hawwe op de feiligens op it wetter. - De konkurrinsjeposysje fan de bedriuwen yn de haven giet efterút ferlike mei havens mei in klasse Va farwei, trochdat der gjin gebrûk makke wurde kin fan it skaalfoardiel fan gruttere skippen. Mocht bliken dwaan dat klasse IV skippen flugger ôfskaft wurde as no mei wissichheid steld wurde kin, dan sil dat effekt grutter wêze. Yn dat lêste gefal sil ek de oantreklikheid fan de haven as fêstigingslokaasje efterút gean.
Probleemoplossing	: Us útstel is om de besteande situaasje foarearst sa te litten en gjin farwei troch de Hegewarren te realisearjen. Mei dy kar makket in klasse Va farwei nei Drachten troch de Hegewarren gjin ûnderdiel út fan de planfaze fan de gebietsûntwikkeling.
Foarkaroplossing/ Yntegrale ôfwaging	: Alles yn berie nimmend konkludearje wy dat de konsekwinsjes fan in farwei troch de Hegewarren en de kosten dêrfan, mei de kennis fan no, net tsjin de maatskiplike foardielen opweage. Der is wol finansjele synergy (de kosten foar de farwei binne aardich leger as eardere rûzings sûnder gebietsûntwikkeling: 40 – 45 miljoen euro yn stee fan 70-80 miljoen euro), mar it ko-kreaasjeproses hat útwiisd dat in farwei net yn te passen is sûnder konsekwinsjes foar it gebiet.

Ek it draachflak foar de gebietsûntwikkeling stiet ûnder druk: krekt de tema's dy't troch de omkriten wurdearre wurde (rekreaasje en natuer), wurde troch de oanlis fan in farwei minder oantreklik.

De ekonomyske ûntwikkeling fan Drachten as twadde plak fan Fryslân is tige wichtich, foar Smellingerlân én de Haven. Wy sjogge wichtige ûntwikkelings oangeande û.o. smart industry en ICD, dêr't wy ek bliid mei binne en ek de belangen fan besteande bedriuwen nimme wy serieu. Wy stypje ek de fisy dat ynvestearings yn ynfrastuktuer ta oanfoljende ûntwikkeling liede kin, mar sjogge foar dizze spesifike ynvestearring noch temin perspektyf.

De bedriuwen binne ynformearre oer de útkomsten fan it ûndersyk nei de farwei yn 'e Hegewarren.

Tagelyk is op it stuit de needsaak fan in opwurdearring ûnfoldwaande ûnderboud. De aktualisaasje fan de ekonomyske baten lit sjen dat de takomstige baten op it stuit beheind binne (rapport fan Panteia) en foar in part ûnwis (memo ûntwikkelingen binnenfeart). Dêrmei is ûnfoldwaande ûnderboud dat de hjoeddeistige berikberens net passend is.

Mei de bedriuwen en de gemeente bliuwe wy fansels yn petear oer de ûntwikkeling en berikberens fan de haven, en de brede ekonomyske ûntwikkeling.

Neist de transport- en emisjebaten hat in nije farwei as foardiel dat de suboptimale situaasje yn De Alde Feanen ferdwynt. De foardielen yn De Alde Feanen binne lykwols, ferlike mei de effekten yn de Hegewarren, net sa grut dat dy (opteld by de baten foar de haven) de ynvestearring dochs rjochtfeardigje (40-45 miljoen euro).

Ek nei de taseine finansjele bydrage fan de gemeente en de bedriuwen (mei-inoar € 15 miljoen) bliuwt der foar de provinsje € 25 oant 30 miljoen oer om te finansierjen. Der binne gjin oanfoljende mooglikheden foar eksterne finansiering fûn.

Ta beslút is it, ek neffens de winsk fan jimme Steaten, nedich om dúdlikens te bieden oangeande de farwei foar de gebietsûntwikkeling Hegewarren.

Alternatyf

As foarlizzende ynformaasje oars tsjin inoar ôfwoegen wurdt, is it opwurdearjen fan de Farwei Drachten mei fan in trasee foar Klasse Va troch de Hegewarren wol mooglik, as foar de Hegewarren foar lepen en Natuerlik keazen wurdt fanwegen de finansjele synergy mei de gebietsûntwikkeling.

Dan weage de foardielen fan it ferdwinen fan de farwei út De Alde Feanen, it effekt fan in opwurdearring op de konkurrinsjeposysje fan it bedriuwekluster yn de haven fan Drachten en de mooglik mearwearde dêrfan op de ekonomyske potinsje fan de Haven – dêr't no net mei wissichheid wat oer te sizzen is – swierder as de sketste konsekwinsjes en kosten.

De finansierberheid en de juridyske helberens foarmje wol in risiko by dit alternatyf. Mei fanwegen de lizzing deun by in Natura2000 gebiet achtsje wy de kâns dat it beslút meidertiid mei sukses oanfochten wurdt frij grut.

		<p>It sil dêrneist as effekt hawwe dat it planproses fan de Hegewarren, sa wurdt ferwachte, langer duorret fanwegen it fergrutsjen fan it plangebiet, in kompleks ûntwerp en oare romtlike prosedueres. Ek binne der mear belanghawwenden en tsjinstellings. Dêrmei sille de proseskosten omheech gean, wurdt de trochrintiid langer en giet it tal fte's dat nedich is omheech. Utgeande fan 2,5% rûze wy de oanfoljende kosten dêrfan op likernôch € 1.750.000. Dat is 2,5% fan de folsleine kosten fan de farwei (sûnder de synergy effekten mei te nimmen), nammentlik € 70 miljoen. Foar de finansiering fan de proseskosten en de ynvestearring yn de farwei sil dan in plan opsteld wurde moatte.</p>
Útfiering	:	n.f.t.
Monitoaring/evaluaasje	:	<p>Om te beoardieljen oft der ek yn de takomst noch sprake is fan in passende (en feilige) berikberens fan de binnenhaven, monitoare wy de feiligens, de ekonomyske ûntwikkeling fan de wiete bedriuweterreinen en de ûntwikkelingen yn de maatfiering fan de skippen yn de beropsfeart. Dat kin oanlieding wêze om it beslút foar de farwei Drachten yn de takomst op 'en nij yn berie te nimmen.</p>
Stjoering	:	n.f.t.
Ferfolchproseduere	:	<p>It kolleezje sil, yn oerlis mei de gemeenten en de omkriten, in pakket fan feilichheidsmaatregels foar it besteande trasee troch de Alde Feanen útwurkje.</p> <p>Wy bliuwe as provinsje konstruktif yn petear mei de gemeente en de bedriuwen oer in duorsume ekonomyske ûntwikkeling en de berikberens fan de haven en wat dêrfoar nedich is.</p>
Oare punten	:	

UTSTEL

Underwerp : **Farwei Drachten**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan , nr., oangeande ...

Mei it each op

Oerwagende dat :

1. it opwurdearjen fan de Farwei Drachten fia in trasee fia de Hegewarren mar beheind synergy mei de gebietsúntwikkeling hat. Dat beheint him ta (gâns) in kostebesparing foar de farwei, mar der is gjin synergy mei de doelstellings fan de gebietsúntwikkeling.
2. it ûntwerpproses net oertsjûgjend oantoand hat dat it mooglik is om de farwei goed yn de omkriten (Grou, de Burd, Hegewarren, de Feanhoop) yn te passen, mei each foar de beswieren oer feiligens, berikberens en ynfloed op natuer en lânskip (útgongspunt út 'e startnotysje);
3. it trasee troch de Hegewarren dêrmei net oanslút op it útgongspunt yn de Provinsjale Farweifisy, dat der in balâns tusken natuer, rekreaasje en binnenfeart is;
4. de transportbaten fan de yngreep him yn de hjoeddeistige situaasje net ferhâlde ta de ynvestearringskosten dy't nedich binne en dat takomstige ekonomyske baten fan in klasse V farwei mei de kennis fan no dreech te rûzen binne;
5. op it stuit ûnfoldwaande ûnderboud is dat der foar de binnenhaven fan Drachten op it stuit gjin sprake is fan in passende berikberens (útgongspunt yn de Provinsjale Farweifisy);
6. de foardielen yn De Alde Feanen, útgeande fan de effekten yn de Hegewarren, net sa grut binne, dat dy (opteld by de baten foar de haven) de ynvestearring dochs noch rjochtfeardigje;
7. de foardielen fan in trasee troch de Hegewarren dêrmei ûnfoldwaande tsjin de neidielen opweage en der op it stuit ûnfoldwaande arguminten binne om sa'n grutte ynvestearring te rjochtfeardigjen;
8. it foar de belanghawwenden fan it gebietsproses Hegewarren – wêryn't it mooglik is om wichtige maatskiplike opjeften yn gearhing op te lossen – fan grut belang is dat der dúdlikens komt oer in mooglike farwei foar beropsfeart troch it gebiet;

Beslute :

- Gjinn farwei troch de Hegewarren te realisearjen en de besteande situaasje sa bliuwe te litten;
- dat in nije farwei nei Drachten gjin diel útmakket fan de oansteande planfaze fan de gebietsúntwikkeling Hegewarren.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

, foarsitter

, griffier